



---

### Utslach Rely Jorritsma Fûns-priisfraach 2015

Foar it earst sûnt jierren advisearret de sjuery fan de Rely Jorritsmaprizen it maksimale tal prizen út te rikken: fiif foar fersen en fiif foar ferhalen. Der binne 54 fersen ynstjoerd en 28 ferhalen. De priis foar in fers is € 200 en foar in ferhaal € 800.

#### Winnende fersen en ferhalen

De winnende fersen binne 'In wykein as dit' fan Janneke Spoelstra, 'Kom der noch mar ris om; in ûnbedoarne prins op in kleurfêst wyt hynder' fan Edwin de Groot, 'De stêd, in sang' fan Ate Grypstra, 'It geheim van de âlde bern' fan Akke Brouwer en 'Wûnderdokter' fan Auck Peanstra. De winnende ferhalen binne 'Monolooch út it pakhûs' fan Eppie Dam, 'In stjer, in planeet' fan Koos Tiemersma, 'Oer it hynder' fan Baukje Zijlstra, 'Superjûn' fan Gerrit Hoekstra en 'Hûnen' fan Jelle Bangma.

#### De sjuery

De sjuery bestiet dit jier út Marga Claus (foarsitter), Ulke Brolsma en Jacobus Q. Smink.

#### Priisútrikking

Op sneon 3 oktober 2015, middeis om twa oere, wurde de Rely Jorritsmaprizen én fan de Junior Rely útrikt yn it doarpshûs fan Weidum. Dit jier is de priisfraach foar de sechtichste kear útskreaun; de priisútrikking sil dêrom dit jier ekstra feestlik wêze en yn it teken stean fan de takomst fan de Rely Jorritsmaprizen. It programma wurdt yn septimber bekendmakke.

---

#### Foar de redaksje:

##### **60 JIER RELY JORRITSMA - Feestlike priisútrikking yn it doarpshûs fan Weidum.**

De prizen sille útrikt wurde op sneontemiddei 3 oktober 2015, om 14.00 oere yn it doarpshûs fan Weidum. Jo binne fan herte útnoege om hjirby oanwêzich te wêzen.

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei Geesje Leemburg, ferfangend kommunikaasjemeiwurker fan de gemeente Littenseradiel, (0515) 33 44 56 of [g.leemburg@littenseradiel](mailto:g.leemburg@littenseradiel). Sy is berikber op moandei-, woansdei- en freedtemoarn en tiisdei en tongersdei.